PS gearkomste 13 desimber 2006

INISJATYFUTSTEL, ex artikel 28 Reglemint fan Oarder

Underwerp	**Rêchsekje en Wolkomstpakketsje Taal**
Ynhâld	**Gearfetting** DS krije in ramtopdracht om yn konkurrinsje offerte te freegjen oan geskikte útfierders foar in 'Rêchsekje en Wolkomstpakketsje Taal' en ta útfiering oer te gean op basis fan de bêste oanbieding. It útstel omfiemet it gearstallen, distribuearjen en monitoaren fan in 'Rêchsekje Taal' foar âlden fan lytse bern (doelgroep 0-2 jier) yn Fryslân en fan in 'Wolkomstpakketsje Taal' foar nij ynkommen ynwenners fan Fryslân. Beide produkten hawwe as doel te ynformearjen en in positive hâlding te bewurkjen ta de foardielen fan de meartaligens yn Fryslân. It giet om it meartalich opbringen fan bern yn Fryslân en fan it meartalige maatskiplike ferkear yn Fryslân dêr't jo as nije ynwenner yn telâne komme. It inisjatyf beëaget it gedrach fan de doelgroepen ek te beynfloedzjen middels in fleurich en útnoegjend oanbod en de feroaringen yn ynformaasje, hâlding en taal gedrach dy't it gefolch hjir fan binne te monitoaren. **Oanlieding** Ut resint ûndersyk docht bliken dat de oerdracht fan it Frysk (en de streektalen) op de nije generaasjes hurd efterútbuorket. De yntsjinners fan it inisjatyf fine dit in ferûntrêstende ûntwikkeling, dêr't de Provinsje fan út syn ferantwurdlikheid foar it Frysk wat oan dwaan moat. As in earste konkrete stap wurdt in 'Rêchsekje Taal' útsteld. In soad nij ynkommers yn Fryslân komme yn 'e kunde mei de meartalige maatskiplike omjouwing yn Fryslân. Somtiden hawwe hja net folle feitlike kennis oer meartaligens en hoe dêr bewust aktyf mei om te gean. Ek foar dizze groep wurdt in 'Wolkomstpakketsje' bean

	om kennis, hâlding en mooglik dêrnei ek it taalgedrach posityf te beynfloedzjen. **Beliedsramt** De yntsjinners fan it inisjatyf wolle sa *yntegraal* mooglik oanslute op it hjoeddeistich ramt fan it taal- en ûnderwiisbelied. Dêrom wurdt hjirûnder sjoen nei ferbiningen fan ramten yn besteande nota's: **Taalnota 'ta rjocht komme'** As útfiering fan de *Nota taalbelied 'Ta rjocht komme: it fanselssprekkend plak fan it Frysk'* soe oansluting fûn wurde kinne mei doelstelling c fan it sektorplan gemeenten (side 19), dêr't DS freget nei foarnimmens, ûnderfinings en ferlet fan gemeenten oangeande it útdragen fan twataligens en taalferskaat fan Fryslân oan *nij-ynkommelingen*. Op inisjatyf fan de stjoergroep gemeenten is it Tryaterstik 'Fries en Boarger' organisearre foar gemeentlike ynformaasjedagen (€ 13.000,-). De gemeenten wiene entûsjast oer dit inisjatyf en meitsje no noch hieltyd gebrûk fan, mar no wol op eigen kosten. By it *sektorplan soarch* fan deselde taalnota wurdt ûnder doelstelling *e* foarljochtingsmateriaal oer it twatalich grutbringen fan bern makke (side 17). Under oaren www.heitenmem.nl is dêrfoar realisearre. Hjir kin op oansluten wurde mei in ekstra spesifisearring 'distribúsje' fia de nije âlden fan oan de jierliks rom 7000 nije poppen yn Fryslân. **Nota Frysk Taalbelied 2007 - 2010 'Better sichtber, mear fertroud'** It inisjatyf past hiel goed by dizze nota. Dêr wurdt mear útgien fan in doelgroepenbenadering. By it fisystik wurdt útgien fan twa ynfalshoeken, dêr't taaloerdracht ien fan is. Oankommende âlden en/of fersoargers soene op grûn fan korrekte foarljochting in bewuste taalkar meitsje foar it grutbringen fan it bern, stiet yn it bysûnder neamd op side 6 fan it ûntwerpnota. In goede distribúsje is dêrby essinsjeel mei dêrby de klam op oerdracht by generaasjes. It rêchsekje taal past dêr prima by. It systeem fan it útskriuwen fan in ramtopdracht past hiel goed yn 'e line mei de Notysje Frysk skreaune media 2007 – 2010. **Plan fan Oanpak Frysk Yn it Underwiis en de Underwiisnota Boppeslach** Hjir wurdt eksplisyt omtinken jûn oan foarljochting oer de rykdom fan twa- of meartaligens oan jonge âlden. Wy sitearje doelstelling 1 út de nota Boppeslach: *1. GR: In 2010 is de helft van de ouders van jonge kinderen en in 2015 zijn alle ouders van jonge kinderen*

	in Fryslân optimaal geïnformeerd over de mogelijkheden en de rijkdom van een twee- of meertalige opvoeding, zodat zij op dit terrein een goed onderbouwde keuze kunnen maken. Yn de útwurking fan dizze doelstelling wurdt de klam lein op de yntinsivearring fan it Tomke projekt en it berikken fan âlden troch in webside en yn de mande mei de sûnenssoarch foar lytse bern. It foarlizzende útstel is in prima oanfolling op dizze aktiviteiten. **Doelstelling** **a. Rêchsekje** It inisjatyf hat as doelgroep de âlden en de allerjongste bern (0-2 jier) yn Fryslân. Doel is de sichtberens en foardielen fan it meartalich opbringen fan de jongste bern (0-2 jier) yn Fryslân by de âlden systematysk te fergrutsjen, ûnder it omtinken te bringen en yndirekt de oerdracht fan it Frysk of de streektalen op de nije generaasje te befoarderjen. It inisjatyf rjochtet him op de nijberne generaasje noch foardat dy ûnder it belied foar twatalige pjutteboartersplakken en basisskoallen berikt wurdt. It inisjatyf wol ek de âlden skewiele yn in part fan de kosten dy't it twa- of meartalich opbringen meibringe kin. It inisjatyf hâldt de mooglikheid yn him om út te wreidzjen nei kommende generaasjes en dêrmei in trochgeande line fan flankearjend, stimulearjend taalbelied yn de privee sfear neist dy fan it Frysk yn de formele domeinen lykas it ûnderwiis te kreëarjen. **b. Wolkomstpakketsje** In soad nij ynkommers yn Fryslân komme yn 'e kunde mei de meartalige maatskiplike omjouwing yn Fryslân. Somtiden hawwe hja net folle feitlike kennis oer meartaligens en hoe dêr bewust aktyf mei om te gean. Ek foar dizze groep wurdt in 'Wolkomstpakketsje' bean. It doel is om kennis, hâlding en mooglik dêrnei ek it taalgedrach fan de ûntfanger ta oansjen fan de meartalige sitewaasje yn Fryslân posityf te beynfloedzjen. **Middels** **a. Rêchsekje** As middel wurdt de âlden fan de poppen yn Fryslân in Rêchsekje Taal oanbean op it stuit dat de nije heit of mem it bern op it gemeentehûs oanjout. It Rêchsekje is bûn oan de persoan en rjochte op de âlden en it bern. It Rêchsekje befettet in tal oansprekkende materialen lykas DVD's en boekjes dy't by it twa- of meartalich opbringen brûkt wurde kinne. Dêrneist de nedige ynformaasje en de meast resinte ynsjoggen oer de

	pluspunten fan it meartalich opbringen, en ferwizingen nei de ynstânsjes dy't helpe kinne, lykas in list fan twatalige pjutteboartersplakken. Bedriuwen en ynstânsjes dy't de doelgroep jonge âlden foar harren produkt of tsjinst oantreklik fine, krije de mooglikheid om vouchers / bonnen yn it Rêchsekje te dwaan. De produkten of tsjinsten moatte al in relaasje hawwe mei it Frysk, de Fryske identiteit en kultuer of meartaligens. Te tinken falt oan koartingsbonnen foar printe- en foarlêsboekjes, in kennismakkingsmiddei mei in meartalich pjutteboartersplak, in kursus Frysk foar de âlden sels of in fergeze DVD of CD mei ferskes. It Rêchsekje jout ek de mooglikheid om materiaal en bonnen op te nimmen dy't spesifyk binne foar it wenplak/de gemeente. Sa kin ek (yn stee fan of neist it Frysk) de streektaal Stellingwerfsk of Biltsk in plak krije. **b. Wolkomstpakketsje** Foar it Wolkomstpakketsje jildt *mutatis mutandis* itselde as foar de doelgroep poppen / jonge âlden wat it jaan fan ynformaasje oer de meartalige sitewaasje oangiet. It materiaal sil allinnich op de doelgroep folwoeksenen rjochte wêze. Bygelyks hoe om te gean mei de Fryske taal yn gearkomsten, wat wurdt wol en net op priis steld? Wat de bonnen oangiet kinne wy hjir neist de al neamde kursussen tinke oan in Frysktalige teaterfoarstelling, koarting op Fryske boeken by de pleatslike boekhannel of in 'Frysk miel' by in restaurant yn de oanbelangjende gemeente. **Utfiering** Oan DS wurdt frege om in tal geskikte útfierders te freegjen yn konkurrinsje offerte út te bringen foar it komplete produkt fan gearstalling, distribúsje en monitoaring. Dit kin wêr't dat gaadlik is ek in konstruksje mei in haadopdrachtnimmer / koördinator mei subopdrachtnimmers wêze. Der wurdt frege om mei besteand materiaal de pakketsjes gear te stallen. De útfiering moat yn 2007 begjinne. Dêrby moat oansluten wurde op de festiviteiten om '100 jier Frysk yn it ûnderwiis' hinne. Der wurdt útgien fan in projekt foar alle gemeenten yn Fryslân. Tekoarten dan wol winstopslach moatte de útfierders sels regelje binnen harren offertes wêrby wiisd wurdt op de frijheid om bydragen fan tredden (de oanbiedingen fia de bonnen / sponsors) te generearjen. De yntegrale oanstjoering fan it oanbestegingstrajekt en de aktiviteiten by de útfiering bliuwt yn hannen fan de ôfdieling KTU fan de Provinsje. De folgjende betingsten by de oanbesteging wurde jûn:

	1. Neist de bêste priis moat ek de kwaliteit fan it oanbod like swier meiwoegen wurde. Yn it foarste plak giet it dan om garânsjes foar in doeltreffende distribúsje. Hjirûnder falt ek it jaan fan ynstruksje oan de balymeiwurkers dy't it op de gemeentehuzen útfiere moatte. 2. Twads giet it yn dit ramt om in goede oansluting by al rinnende projekten yn it ramt fan it provinsjaal taalbelied. 3. In tredde punt is de fleksibiliteit om yn oerlis mei de provinsje maatwurk leverje te kinnen yn de ferskate gemeenten dêr't neist it Frysk in Fryske Streektaal of it Nederlânsk in wichtich plak ynnimme. 4. As ynhâld foar rêchsekje en wolkomstpakket wurdt gebrûk makke fan geskikte besteande produkten. 5. De útfierder krijt de mooglikheid en wurdt frege om sels troch bonnen fan belanghawwende gemeenten, bedriuwen en ynstellingen respons mjitte te kinnen foar de effektmonitoaring en harren tagelyk ta in finansjele bydrage te bewegen. De oanbiedingen moatte al lizze op it 'edukative' mêd fan (streek)taal en Fryske kultuer. Men kin dit inisjatyf sjen as in ekstra promoasje mooglikheid foar streektaal, produkt of tsjinst. 6. In kwalitatyf goede monitoaring fan de effekten sadat in sinfolle weromkeppeling nei de troch PS stelde doelen plakfine kin. It giet om in mearjierrich folchsysteem. Fanwegen de distribúsje moat der in goede database opset wurde dy't tagelyk as folchsysteem brûkt wurde kin. 7. Op basis hjirfan fynt ek in 2-jierlikse evaluaasje foar DS en PS plak. Hifke wurdt dan oan de doelen fergrutting sichtberens mear/twatalichheid, berik (it tal âlden/bern dat meidocht, en yn hokker gemeenten) en oare effekten (sa as it tal minsken dat fia de bonnen materialen bestelt, oan kursussen meidocht ensfh.). Fansels moat ek de wurdearring foar it Rêchsekje sels mjitten wurde.
Foarnommen beslút	**BESLUT**

	PS jouwe DS opdracht it inisjatyf ‘Rêchsekje en Wolkomstpakketsje Taal ’ mei yngong fan 2007 binnen de nije beliedsperioade fierder stal te jaan, út te fieren, te evaluearjen en oer de effekten te rapportearjen oan PS lykas hjirboppe beskreaun. DS hantearje foar it útskriuwen fan de opdracht in oanbestegingsproseduere lykas hjirboppe beskreaun.
Finansjele konsekwinsjes en dekking	PS stelle foar de útfiering fan beide projekten ‘Rêchsekje en Wolkomstpakketsje Taal’ yn 2007 ta lêste fan de Algemiene Reserve € 275.000 beskikber Dit wurdt nei 2007 struktureel tafoege oan it Budzjet foar it provinsjale taalbelied. Dit bedrach is in oanfolling op de bedraggen foar dielûnderwerpen út de jildende beliedsnota’s sa’t dy ûnder ‘Beliedsramt’ neamd binne.

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Annigje Toering CDA, Geart Benedictus PvdA, Ruud Fokkens

Datum	13 desimber 2006